



Wat hast nedich?

4 wraps
10 plakken salamy
10 plakken chorizo
2 reade sipels fyn snippere
1 teantsje fyn hakke knyflok
2 tomaten
Bytsje krûdebûter
Ierappels skiifke
2 itensleppel mayonêze
2 teeleppel truffeltapenade
¼ boskje fine biezelok
Raspe tsiis
Silysaus

Folle wrap mei ierappelslaad en truffel

Sa moatst it meitsje:

- Ming 2 itensleppels mayonêze mei 1 teeleppel truffeltapenade
- Doch de skiifkes ierappel en de snijde biezelok derby. Ming dat alles en set it gehiel in skoftke yn de kuolkast.
- Snij de chorizo, salamy en tomaat yn reepkes.
- Doch in bytsje krûdebûter yn de panne en doch de sipels en de knyflok derby
- Doch de reepkes salamy, chorizo en tomaat derby
- Om en om oansette en de wrap folje.
- Optsjinje mei de ierappelslaad, in bytsje silysaus oer de wrap en ôfmeitsje mei raspe tsiis

Lekker ite!